

# 'Nacht': in yngenieuze koroanafoarstelling

SIETSE DE VRIES

---

Nacht

Wat hawwe in hinneboer yn Ferwert, in heit yn Nijhuzum en in IC-ferpleger yn Skingen mien-skiplik? Dat se alle trije elk etmel de nacht troch moatte. En dus spylje se alle trije in lyts roltsje yn fan Tryater.

Nacht

It tilt yn dizze koroanatiid op fan de teaterselskippen dy't foarstellingen oer ynternet streame, dêrneist reizgje hiel wat akteurs mei ienpersoans-foarstellingen fan húskeamer nei húskeamer. is in yngenieuze kombinaasje fan dy twa.

De earste tsien minuten makket it publyk in reis troch Fryslân. It kin de rûte sels útstippelje. Appelskea, Ferwert en Skingen, oeral fertelle minsken wat de nacht foar har betsjut.

Dêrnei komt it publyk , ek fia ynternet, yn 'e kunde mei tsien minsken dy't jûns yn tou binne, lykas in befeiliger en trije pizzabesoargers. Wurkjend en pratend litte se in glimp fan harren langstmen en eangsten sjen. Elk portretsje is in kundich op lokaasje makke minifilm.

Net mear as tsien minsken kinne de film tagelyk besjen. Nei ôfrin bellet ien fan de personaazjes by in keaper fan in kaartsje oan om, wat ferswijd is yn 'e film, te iepenbierjen.

By de resinsint wie it de âlde frou, dy't noait mear bûten komt, dy't it hiem oprûn. Mei in tas, mei dêryn in selsbakte cake, yn 'e hân fertelt se hoe bliid se is dat se tsjin alle goedbedoelde advizen yn de bûtenloft yngien is. Se wol sa graach ris mei ien prate. En se hat, mei in soan yn Sina dy't tichtby is en in dochter by har yn 'e stêd dy't fier fuort is, praat genôch.

It is foar in taskôger by ien-op-ienfoarstellingen yn in lytse húskeamer wolris dreech om in goede hâlding te finen. Mei Joke Tjalsma, dy't by jin op 'e stoepe moai naturel in sike frou delset, is dêr alhiel gjin sprake fan. Koroanateater dat der wêze mei.

---